



Skoallen fû

Ljouwert, 12 maaie 2026  
Ferstjoerd,

Ús merkteken : 02512281  
Domein/ Team : Taal en Leefberens  
Opsteld troch : I. Rienks / (058) 292 51 80 of [i.rienks@fryslan.frl](mailto:i.rienks@fryslan.frl)  
Jo merkteken :  
Taheakke(n) :

Ûnderwerp : Nije keardoelen Fryske taal en kultuer 2026

Bêste skoallieder,

*Nederlandse vertaling onderaan*

Wy binne der tige wiis mei dat wy jo meidiele kinne dat der nije keardoelen Fryske taal en kultuer binne. Provinsjale Steaten hawwe op 18 febrewaris de nije keardoelen Fryske taal en kultuer fêststeld.

It is foar it earst dat Provinsjale Steaten de keardoelen fêststeld hawwe en dat de keardoelen Fryske taal en kultuer yn opdracht fan de provinsje aktualisearre binne. Wy binne grutsk op it resultaat: in rike set keardoelen, dy't net allinne oer it learen fan de taal giet, mar learlingen ek de taal belibje lit, neitinke lit oer it belang fan de taal foar harren sels en foar oaren en ek de rike Fryske kultuer belibje lit.

Wy binne derfan oertsjûge dat wy mei dizze nije keardoelen Fryske taal en kultuer wer in grutte en moaie stap sette nei it fuortsterkjen fan it Frysk op alle skoallen yn Fryslân. Sa wurkje wy der mei-inoar nei ta dat alle bern yn Fryslân de kâns krije om de Fryske taal te learen en te brûken en betsjuttingsfolle ûnderfinings op te dwaan oer dy taal en de kultuer.

Yn dit brief fine jo mear ynformaasje oer de nije keardoelen Fryske taal en kultuer. Dat begjint mei in útlis oer de posysje fan it Frysk yn it ûnderwiis en de rol fan de provinsje. Dêrnei wurdt beskreaun hoe't it proses ta de nije keardoelen Fryske taal en kultuer ferrûn is en fine jo in oersjoch fan de nije keardoelen Fryske taal en kultuer. Yn dit brief wurdt ek beskreaun hoe't skoallen mei de keardoelen oan de slach kinne, wannear't de keardoelen yngeane en hokker stipe jo dêrby krije kinne.



## **Frysk yn it ûnderwiis**

De Fryske taal heart by de provinsje Fryslân, de kultuer en de identiteit fan de ynwenners. It Frysk is foar in soad ynwenners de memmetaal en wurdt yn it deistich libben op in soad plakken brûkt. Troch alle bern de kâns te jaan te learen yn en oer de Fryske taal en kultuer soargje wy derfoar dat alle bern no, mar ek letter yn harren sosjale en wurkjende libben, goed meidwaan kinne oan de twatalige Fryske mienskip.

Al sûnt 1980 is yn de Wet op Primair Onderwijs (WPO) fêstlein dat skoallen yn Fryslân yn it basisûnderwiis ek ûnderwiis jaan moatte yn de Fryske taal. Yn it fuortset ûnderwiis leit de wetlike ferplichting der sûnt 1993, fêstlein yn de Wet Voortgezet Onderwijs (WVO 2020). Yn de wet stiet dat op skoallen yn Fryslân yn de earste twa learjierren mei achtslaan fan de keardoelen ek fuortset ûnderwiis jûn wurde moat yn de Fryske taal en kultuer (WVO 2020, kêst 2.15, lid 1.). Yn de Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer 2024-2028 is fêstlein dat Fryske taal en kultuer ek yn de tredde klasse fan hafû en twû oanbean wurde moat. Dat soarget foar in sterke trochgeande learline nei de boppebou.

Sûnt 2014 hat de provinsje in tanommen ferantwurdlikheid op it mêd fan Frysk yn it ûnderwiis. Yn 2021 is, op inisjatyf fan de provinsje en it Ryk, Taalplan Frysk 2030 úteinset. De doelstelling is dat yn 2030 alle skoallen yn Fryslân it Frysk oanbiede neffens de wetlike ferplichting en de fêststelde keardoelen (fêstlein yn de Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer). Yn gearwurking mei ferskate taal- en ûnderwiisinstellingen soarget de provinsje derfoar dat skoallen stipe wurde by it beheljen fan dy doelstelling. Sa is der begelieding mooglik, binne der materialen ûntwikkele en fergees beskikber steld, binne der mooglikheden foar oplieding en neiskoalling en binne der provinsjale subsydzjeregelingen beskikber. Dit hat derfoar soarge dat in soad skoallen yn de ôfrûne jierren al moaie stappen set hawwe yn it fuortsterkjen fan it Frysk yn it ûnderwiis.

Yn de kommende jierren sette wy troch mei de 2030-doelstelling. Wy freegje fan skoallen om fan de besteande situaasje út alle nije keardoelen Fryske taal en kultuer yn wurking te stellen. Wat dat krekt betsjut wurdt yn de folgjende paragrafen neier taljochte.

## **Proses**

De aktualisaasje fan de keardoelen Frysk wie hurd nedich. De hjoeddeiske keardoelen binne fan 2006 en passe net mear by aktuele kennis, ynsjoggen en maatskiplike ûntwikkelingen. De nije keardoelen Fryske taal en kultuer binne tagelyk aktualisearre mei de keardoelen fan alle lanlike leargebieten en binne konkreter en dúdliker yn wat learlingen leare en ûnderfine moatte yn ferliking mei de eardere keardoelen.

De provinsje hat oan Cedin de opdracht jûn om de keardoelen Fryske taal en kultuer te aktualisearjen. Cedin hat dêrby oparbeide mei SLO, dy't de keardoelen fan de lanlike leargebieten fernijd hat. It resultaat dêrfan is dat der gearhing is tusken it leargebiet Fryske taal en kultuer en de oare leargebieten. Skoallen yn Fryslân kinne sa yn de praktyk de keardoelen Fryske taal en kultuer ferbine mei oare leargebieten. Op dy wize krijt Fryske taal en kultuer in stevich en yntegraal plak yn it ûnderwiisprogramma fan alle skoallen.

Cedin hat yn dit trajekt nau gearwurke mei it ûnderwiisfjild en oare oanbelangjenden om Frysk yn it ûnderwiis hinne. Dat hat soarge foar draachflak en belutsenens. Skoallen dy't de



keardoelen test hawwe (yn de saneamde 'beproevingfaze') binne posityf oer de keardoelen en hawwe sjen litten dat se hjir goed mei wurkje kinne.

### **Nije keardoelen Fryske taal en kultuer**

Yn it leargebiet Fryske taal en kultuer is no net mear allinne omtinken foar taalfeardigens yn de Fryske taal, mar ek foar taalekspresje, taalbewustwêzen en kultuerbewustwêzen. De nije keardoelen passe dêrmei by aktuele ynsjoggen oer taalûnderwiis en sette it learen yn en oer de Fryske taal yn in betsjuttingsfolle kontekst foar alle learlingen.

It leargebiet Fryske taal en kultuer bestiet út fiif domeinen. Elk domein hat ien keardoel. By it yn wurking stellen fan de nije keardoelen kinne skoallen keardoelen út de ferskate domeinen mei-inoar ferbine.

### **Kearndoelen Fryske taal en kultuer 2026**

<i>Domein: Ryk learfermidden</i>
<b>1. De skoalle soarget foar in ryk Frysktalich taal- en learfermidden</b>
<i>Domein: Taal leare en brûke</i>
<b>2. De learling brûkt de Fryske taal</b>
<i>Domein: Taalbewustwêzen</i>
<b>3. De learling ûntwikkelet him of har as bewuste brûker fan it Frysk</b>
<i>Domein: Taalekspresje</i>
<b>4. De learling docht ûnderfining op mei Fryske taalekspresje</b>
<i>Domein: Kultuerbewustwêzen</i>
<b>5. De learling ûntwikkelet him of har as bewuste dielnimmer oan de Fryske kultuer</b>

Mear ynformaasje oer de nije keardoelen Fryske taal en kultuer kinne jo fine op de webside [www.kurrikulum.frl](http://www.kurrikulum.frl).

### **Praktykûnderwiis**

De keardoelen foar fuortset ûnderwiis binne ek wetlik ferplichte foar it praktykûnderwiis. Dat jildt ek foar de keardoelen Fryske taal en kultuer. Wy realisearje ús dat de nije keardoelen Fryske taal en kultuer mooglik net goed genôch oanslute by it ferlet fan learlingen op it praktykûnderwiis. Op it stuit ûndersiket Cedin, yn opdracht fan de provinsje, hokker keardoelen Fryske taal en kultuer geskikt binne foar dizze doelgroep. Cedin wurket dêrby gear mei it ûnderwiisfjild.

### **Fan krêft mei yngong fan 1 augustus 2026**

De nije keardoelen Fryske taal en kultuer wurde mei yngong fan 1 augustus 2026 fan krêft. Skoallen hawwe oant 1 augustus 2031 de tiid om de nije keardoelen Fryske taal en kultuer in plak te jaan. Dy oergongsfaze is nedich sadat jo skoalle foldwaande tiid hat om de nije keardoelen ûnderdiel te meitsjen fan it ûnderwiisprogramma.

De Ynspeksje fan it ûnderwiis hâldt, lykas by de oare fakken en leargebieten, tafersjoch op de keardoelen Fryske taal en kultuer. Yn de oergongsfaze wurdt fan skoallen ferwachte dat sy doelgerjochte en op in wize dy't past by harren eigen spesifike kontekst tawurkje nei it yn wurking stellen fan de aktualisearre keardoelen en dy stap foar stap yn harren ûnderwiispraktyk ferankerje. Dat proses wurdt troch de ynspeksje folge. Uterlik op 1



augustus 2031 wurkje alle skoallen mei de nije keardoelen en hâldt de ynspeksje dêr folslein tafersjoch op.

It is foar skoallen yn Fryslân mooglik om Fryske taal en kultuer oan te bieden yn stee fan ien fan de oare moderne frjemde talen (útsein Ingelsk). Skoallen dy't dat wolle kinne dêr tastimming foar freegje by it ministearje fan OCW. Dit kin dien wurde troch in mail te stjoeren nei Jeroen de Weger fia [j.deweger@minocw.nl](mailto:j.deweger@minocw.nl).

Neist de aktualisearring fan de keardoelen Fryske taal en kultuer wurde op it stuit ek de eksamenprogramma's Fryske taal en kultuer aktualisearre. Dat proses is goed ôfstimd mei de ûntwikkelders fan de nije keardoelen, sadat de ynhâlden goed op inoar oanslute. It is winsklik om op 'e tiid te begjinnen mei de nije keardoelen, sadat der op it stuit dat de nije eksamenprogramma's yngeane, in trochgeande learline is fan ûnderbou nei boppebou. Jo wurde troch it ministearje fan OCW neier ynformearre oer de fernijde eksamenprogramma's, ek oer dy fan Fryske taal en kultuer.

### **Skoaleigen kurrikulum Fryske taal en kultuer**

De nije keardoelen jouwe skoallen in moaie kâns om in skoaleigen kurrikulum Fryske taal en kultuer te ûntwikkeldjen. In skoaleigen kurrikulum jout skoallen de mooglikheid om op skoalnivo besluten te nimmen oer leardoelen, ynhâld en pedagogysk-didaktyske oanpak (Nieveen & Van den Akker 2023). It soarget derfoar dat it ûnderwiis oanslút by de fyzje fan de skoalle, de learlingpopulaasje en de omkriten fan de skoalle.

In skoaleigen kurrikulum Fryske taal en kultuer freget dat jo mei jo team neitinke oer hoe't Fryske taal en kultuer in plak krije kin yn it ûnderwiis en hokker stappen der nedich binne om ta dat resultaat te kommen. De ynstellingen dy't meiwurkje oan Taalplan Frysk 2030 stypje jo graach by it ûntwikkeldjen fan it skoaleigen kurrikulum Fryske taal en kultuer.

### **Untheffingen foar it Frysk**

De provinsje Fryslân hat it foech om skoallen yn Fryslân ûntheffing te jaan foar ien of mear keardoelen Frysk. Yn de ôfrûne jierren is dat twa kear dien op basis fan Taalplan Frysk-profilen.

Mei it fan krêft wurden fan de nije keardoelen Fryske taal en kultuer yn augustus dit jier feroaret ek it provinsjaal ûntheffingsbelied. Omdat de profilen makke wiene op basis fan de eardere keardoelen is it net mear sinfol om ûntheffing te ferlienen op basis fan dizze profilen.

De nije keardoelen Fryske taal en kultuer jouwe in soad romte foar in skoaleigen ynfolling en wy ferwachtsje dan ek dat alle skoallen dermei út de fuotten kinne (op basis fan it skoaleigen kurrikulum Fryske taal en kultuer) en dat skoallen gjin ûntheffing mear nedich hawwe foar Fryske taal en kultuer. Yn de kommende tiid sille wy ûndersykje oft dat yndie it gefal is en dêroer geane wy graach it petear oan mei skoallen en bestjoeren.

Op basis fan dy petearen sil de provinsje nij ûntheffingsbelied ûntwikkeldje en betingsten formulearje wêrûnder't it mooglik is ûntheffing oan te freegjen. Skoallen bûten it Fryske taalgebiet (dat binne skoallen yn Weststellingwerf en op de Fryske Waadeilannen) hâlde de



mooglikheid om op basis fan taalgebiet ûntheffing oan te freegjen foar ien of mear keardoelen Fryske taal en kultuer.

Wy kinne ús yntinke dat jo hjir mooglik fragen oer hawwe. Jo wurde op koarte termyn ynformearre hokker ferfolchstappen der set wurde en hoe't jo dêryn meitinke kinne.

### Tiidskema

Hjirûnder fine jo in tal wichtige mominten op in rychje:

Wannear	Wat
Febrewaris 2026	Provinsjale Steaten hawwe de nije keardoelen Fryske taal en kultuer fêststeld.
Maart – juny 2026	Provinsje ûndersiket ûnder hokker betingsten en kritearia it mooglik bliuwe moat om ûntheffing oan te freegjen foar de keardoelen Fryske taal en kultuer. Skoallen en bestjoeren wurde frege dêryn mei te tinken.
Augustus 2026	De nije keardoelen Fryske taal en kultuer 2026 wurde fan krêft. Dat markearret de start fan de oergongsfaze fan âlde nei nije keardoelen oant augustus 2031.
Septimber 2026	De betingsten foar it krijen fan ûntheffing binne dúdlik en der wurdt wurke oan in nije wurkwize fan oanfreegjen.
Augustus 2031	Ein fan de oergongsfaze fan âlde nei nije keardoelen. Alle skoallen hawwe de nije keardoelen Fryske taal en kultuer yn wurking steld of hawwe dêr ûntheffing foar.

### Mei-inoar fierder

Mei de nije keardoelen Fryske taal en kultuer wurdt in moaie stap set yn it kwalitatyf en yntegraal fuortsterkjen fan ûnderwiis yn (en fan) de Fryske taal en kultuer. Troch Taalplan Frysk 2030 wurde jo yn de kommende tiid op ferskate wizen ynformearre oer de nije keardoelen en it skoaleigen kurrikulum Fryske taal en kultuer. Dat kin fia de nijsbrief wêze of de Taalplan Frysk 2030-webside.

Om it proses fan it yn wurking stellen fan de aktualisearre keardoelen Fryske taal en kultuer goed te folgjen, wurdt yn opdracht fan de provinsje ûndersyk útfierd troch it lektoraat Meertaligheid & Geletterdheid fan NHL Stenden. Wy wolle jo freegje om aktyf oan dat ûndersyk mei te dwaan.

Alle partijen binnen Taalplan Frysk 2030 helpe jo graach fierder mei it yn wurking stellen fan de nije keardoelen Fryske taal en kultuer, it setten fan stappen rjochting it skoaleigen kurrikulum Fryske taal en kultuer en advisearje jo graach oer mooglike lesmaterialen en oar oanbod. Op de webside <https://taalplan.frl> fine jo mear ynformaasje oer Taalplan Frysk 2030 en stiet ek al it oanbod oan lesmaterialen dat beskikber is.

Ek de provinsjale subsydzjeregeling *Frysk foar no en letter* is iepen. Skoallen kinne subsydzje oanfreegje foar lesmaterialen, kulturele útstapkes, oplieding en neiskoalling en foar it meitsjen en it yn it wurking stellen fan in plan foar it fuortsterkjen fan ûnderwiis yn de Fryske taal en kultuer. De subsydzjeregeling is iepen oant en mei 30 septimber 2026. Der is



yn totaal € 1.000.000,- beskikber. Mear ynformaasje oer de subsidyjeregeling kinne jo fine op de provinsjale webside: [www.fryslan.frl/fryskfoarnoenletter](http://www.fryslan.frl/fryskfoarnoenletter).

Skoallen dy't it fak Fryske taal en kultuer oanbiede kinne gebrûk meitsje fan de subsidyjeregeling *Lesoeren Frysk*. Foar lesieren Frysk fan de earste klas ôf oant en mei de eksamenklasse kinne skoallen subsidyje krije. De subsidyjeregeling is iepen fan 1 april oant en mei 30 oktober 2026 mei in plafond fan € 200.000,-. Mear ynformaasje is te finen op de provinsjale webside: [www.fryslan.frl/fy/lesoeren-frysk-yn-it-underwiis](http://www.fryslan.frl/fy/lesoeren-frysk-yn-it-underwiis).

Hawwe jo fragen nei oanlieding fan dit brief? Mail dan nei [ynfo@taalplan.frl](mailto:ynfo@taalplan.frl). Wy helpe jo graach fierder.

*Nederlandse vertaling*

Onderwerp: nieuwe kerndoelen Friese taal en cultuur 2026

Beste schoolleider,

Wij zijn ontzettend blij dat we u kunnen mededelen dat er nieuwe kerndoelen Friese taal en cultuur zijn. Provinciale Staten van Fryslân hebben op 18 februari de nieuwe kerndoelen Friese taal en cultuur vastgesteld.

Het is voor het eerst dat Provinciale Staten de kerndoelen hebben vastgesteld en dat de kerndoelen Friese taal en cultuur in opdracht van de provincie geactualiseerd zijn. Wij zijn trots op het resultaat: een rijke set kerndoelen, die niet alleen gaat over het leren van de taal, maar leerlingen ook de taal laat beleven, laat nadenken over het belang van de taal voor zichzelf en voor anderen en ook de rijke Friese cultuur laat beleven.

Wij zijn ervan overtuigd dat we met deze nieuwe kerndoelen Friese taal en cultuur weer een grote en mooie stap zetten in het versterken van het Fries op alle scholen in Fryslân. Zo werken we er met elkaar naar toe dat alle kinderen in Fryslân de kans krijgen om de Friese taal te leren en te gebruiken en betekenisvolle ervaringen op te doen over de taal en de cultuur.

In deze brief vindt u meer informatie over de nieuwe kerndoelen Friese taal en cultuur. Het begint met een uitleg over de positie van het Fries in het onderwijs en de rol van de provincie. Daarna wordt beschreven hoe het proces van de nieuwe kerndoelen Friese taal en cultuur is verlopen en vindt u een overzicht van de nieuwe kerndoelen Friese taal en cultuur. In deze brief wordt ook beschreven hoe scholen met de nieuwe kerndoelen aan de slag kunnen, wanneer de kerndoelen ingaan en welke ondersteuning u hierbij kunt krijgen.

**Fries in het onderwijs**



De Friese taal hoort bij de provincie Fryslân, de cultuur en de identiteit van de inwoners. Het Fries is voor veel inwoners de moedertaal en wordt in het dagelijks leven op veel plaatsen gebruikt. Door alle kinderen de kans te geven te leren in en over de Friese taal en cultuur zorgen wij ervoor dat alle kinderen nu, maar ook in hun latere sociale en werkende leven, goed kunnen meedoen aan de tweetalige Friese samenleving.

Al sinds 1980 is in de Wet op Primair Onderwijs (WPO) vastgesteld dat scholen in Fryslân in het basisonderwijs ook onderwijs moeten geven in de Friese taal. In het voortgezet onderwijs geldt die wettelijke verplichting sinds 1993, vastgelegd in de Wet Voortgezet Onderwijs (WVO 2020). In de wet staat dat op scholen in Fryslân in de eerste twee leerjaren met inachtneming van de kerndoelen ook voortgezet onderwijs moet worden gegeven in Friese taal en cultuur (WVO 2020, art. 2.15, lid 1.). In de Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer 2024-2028 is vastgelegd dat Friese taal en cultuur ook in de derde klas van havo en vwo moet worden aangeboden. Dit zorgt voor een sterke doorgaande leerlijn naar de bovenbouw.

Sinds 2014 heeft de provincie een toegenomen verantwoordelijkheid voor het Fries in het onderwijs. In 2021 is, op initiatief van de provincie en het Rijk, Taalplan Frysk 2030 van start gegaan. De doelstelling is dat in 2030 alle scholen in Fryslân het Fries aanbieden volgens de wettelijke verplichting en de vastgestelde kerndoelen (vastgelegd in de Bestuursafpraak Friese taal en cultuur). In samenwerking met verschillende taal- en onderwijsinstellingen zorgt de provincie ervoor dat scholen ondersteuning krijgen bij het behalen van deze doelstelling. Zo is er begeleiding mogelijk, zijn er materialen ontwikkeld en gratis beschikbaar gesteld en zijn er mogelijkheden voor opleiding en nascholing. Dit heeft ervoor gezorgd dat vele scholen de afgelopen jaren al mooie stappen hebben gezet in het versterken van het Fries in het onderwijs.

De komende jaren zetten we door met de 2030-doelstelling. We vragen van scholen om vanuit de bestaande situatie alle nieuwe kerndoelen Friese taal en cultuur in werking te stellen. Wat dit precies betekent wordt in de volgende paragrafen nader toegelicht.

## **Proces**

De actualisatie van de kerndoelen Fries was hard nodig. De huidige kerndoelen zijn van 2006 en passen niet meer bij de actuele kennis, inzichten en maatschappelijke ontwikkelingen. De nieuwe kerndoelen Friese taal en cultuur zijn tegelijk met de kerndoelen van de landelijke leergebieden geactualiseerd en zijn concreter en duidelijker in wat leerlingen moeten leren en ervaren in vergelijking met de eerdere kerndoelen.

De provincie heeft aan Cedin de opdracht gegeven om de kerndoelen Friese taal en cultuur te actualiseren. Cedin heeft hierbij samengewerkt met SLO, die de kerndoelen van de landelijke leergebieden heeft vernieuwd. Dit zorgt ervoor dat er samenhang is tussen het leergebied Friese taal en cultuur en andere leergebieden. Scholen in Fryslân kunnen zo in de praktijk de kerndoelen Friese taal en cultuur verbinden met andere leergebieden. Op die manier krijgt Friese taal en cultuur een stevige en integrale positie in het onderwijsprogramma van alle scholen.



Cedin heeft in het traject nauw samengewerkt met het onderwijsveld en andere stakeholders rondom Fries in het onderwijs. Dit heeft gezorgd voor draagvlak en betrokkenheid. Scholen die de kerndoelen hebben getest (in de zogenoemde beproevingsfase) zijn positief over de kerndoelen en hebben laten zien dat ze hier goed mee kunnen werken.

### **Nieuwe kerndoelen Friese taal en cultuur**

In het leergebied Friese taal en cultuur is nu niet meer alleen aandacht voor taalvaardigheid in de Friese taal, maar ook voor taalexpressie, taalbewustzijn en cultuurbewustzijn. De nieuwe kerndoelen passen daarmee bij actuele inzichten over taalonderwijs en zetten het leren in en over de Friese taal in een betekenisvolle context voor alle leerlingen.

Het leergebied Friese taal en cultuur bestaat uit vijf domeinen. Elk domein heeft een kern-doel. Bij het in werking stellen van de nieuwe kerndoelen kunnen scholen kerndoelen uit verschillende domeinen met elkaar verbinden.

### **Kerndoelen Friese taal en cultuur 2026**

<i>Domein: Rijke leeromgeving</i>
<b>1. De school zorgt voor een rijke Friestalige taal- en leeromgeving</b>
<i>Domein: Taal leren en gebruiken</i>
<b>2. De leerling gebruikt de Friese taal</b>
<i>Domein: Taalbewustzijn</i>
<b>3. De leerling ontwikkelt zich als bewuste gebruiker van het Fries</b>
<i>Domein: Taalexpressie</i>
<b>4. De leerling doet ervaring op met Friese taalexpressie</b>
<i>Domein: Cultuurbewustzijn</i>
<b>5. De leerling ontwikkelt zich als bewuste deelnemer aan de Friese cultuur</b>

Meer informatie over de nieuwe kerndoelen Friese taal en cultuur kunt u vinden op de website <https://kurrikulum.fr>.

### **Praktijkonderwijs**

De kerndoelen voor het voortgezet onderwijs zijn ook wettelijk verplicht voor het praktijkonderwijs. Dat geldt ook voor de kerndoelen Friese taal en cultuur. Wij realiseren ons dat de nieuwe kerndoelen Friese taal en cultuur mogelijk niet voldoende aansluiten bij de behoeftes van leerlingen op het praktijkonderwijs. Op dit moment onderzoekt Cedin, in opdracht van de provincie, welke kerndoelen Friese taal en cultuur geschikt zijn voor deze doelgroep. Cedin werkt hierbij samen met het onderwijsveld.

### **Van kracht per 1 augustus 2026**

De nieuwe kerndoelen Friese taal en cultuur worden van kracht per 1 augustus 2026. Scholen hebben tot 1 augustus 2031 de tijd om de nieuwe kerndoelen Friese taal en cultuur een plek te geven. Die overgangsfase is nodig zodat uw school voldoende tijd heeft om de nieuwe kerndoelen onderdeel te maken van het onderwijsprogramma.

De Inspectie van het onderwijs houdt, net als bij de andere vakken en leergebieden, toezicht op de kerndoelen Friese taal en cultuur. In de overgangsfase wordt van scholen verwacht dat



zij doelgericht en op een wijze die past bij de eigen specifieke context toewerken naar het in werking stellen van de geactualiseerde kerndoelen en die stap voor stap in hun eigen onderwijspraktijk verankeren. Dat proces wordt door de onderwijsinspectie gevolgd. Uiterlijk op 1 augustus 2031 werken alle scholen met de nieuwe kerndoelen en houdt de inspectie hier volledig toezicht op.

Het is voor scholen in Fryslân mogelijk om Friese taal en cultuur aan te bieden in plaats van een andere verplichte moderne vreemde taal (met uitzondering van Engels). Scholen die dit willen kunnen hiervoor toestemming vragen bij het ministerie van OCW. Dit kan gedaan worden door een mail te sturen naar Jeroen de Weger via [j.deweger@minocw.nl](mailto:j.deweger@minocw.nl).

Naast de actualisering van de kerndoelen Friese taal en cultuur worden momenteel ook de examenprogramma's Friese taal en cultuur geactualiseerd. Dit proces is goed afgestemd met de ontwikkelaars van de nieuwe kerndoelen, zodat de inhoud goed op elkaar aansluiten. Het is wenselijk om tijdig met de nieuwe kerndoelen te gaan werken, zodat er op het moment van inwerkingtreding van de nieuwe examenprogramma's een doorlopende leerlijn is van onderbouw naar bovenbouw. U wordt door het ministerie van OCW verder geïnformeerd over de vernieuwde examenprogramma's, ook over die van Friese taal en cultuur.

### **Schooleigen curriculum Friese taal en cultuur**

De nieuwe kerndoelen geven scholen een mooie kans om een schooleigen curriculum Friese taal en cultuur te ontwikkelen. Een schooleigen curriculum geeft scholen de mogelijkheid om op schoolniveau beslissingen te nemen over leerdoelen, inhoud en pedagogisch-didactische aanpak (Nieveen & Van den Akker 2023). Het zorgt ervoor dat het onderwijs aansluit bij de visie van de school, de leerlingpopulatie en de omgeving van de school.

Een schooleigen curriculum Friese taal en cultuur vraagt dat u met uw team nadenkt over hoe Friese taal en cultuur een plek kan krijgen in het onderwijs en welke stappen er nodig zijn om tot dat resultaat te komen. De instellingen die meewerken aan Taalplan Frysk 2030 ondersteunen u graag bij het ontwikkelen van het schooleigen curriculum Friese taal en cultuur.

### **Ontheffingen voor het Fries**

De provincie Fryslân heeft de bevoegdheid om scholen in Fryslân ontheffing te geven voor een of meer kerndoelen Fries. De afgelopen jaren is dat twee keer gedaan op basis van Taalplan Frysk-profielen.

Met het van kracht worden van de nieuwe kerndoelen Friese taal en cultuur in augustus dit jaar verandert ook het provinciaal ontheffingenbeleid. Omdat de profielen gemaakt waren op basis van de eerdere kerndoelen is het niet meer zinvol om ontheffing te verlenen op basis van deze profielen.

De nieuwe kerndoelen Friese taal en cultuur geven veel ruimte voor een schooleigen invulling en wij verwachten dan ook dat alle scholen hiermee uit de voeten kunnen (op basis van het schooleigen curriculum Friese taal en cultuur) en dat scholen geen ontheffing meer nodig



hebben voor Friese taal en cultuur. De komende periode zullen we onderzoeken of dit klopt en hierover gaan we graag het gesprek aan met scholen en besturen.

Op basis van die gesprekken zal de provincie nieuw ontheffingenbeleid ontwikkelen en voorwaarden formuleren waaronder het mogelijk is om ontheffing aan te vragen. Scholen buiten het Friese taalgebied (dit zijn scholen in Weststellingwerf en op de Friese Waddeneilanden) houden de mogelijkheid om op basis van taalgebied ontheffing aan te vragen voor een of meer kerndoelen Friese taal en cultuur.

Wij kunnen ons voorstellen dat u hier mogelijk vragen over heeft. U ontvangt op korte termijn meer informatie over de vervolgstappen en hoe u hierin kunt meedenken.

### Tijdpad

Hieronder vindt u een aantal belangrijke momenten op een rij:

Wanneer	Wat
Februari 2026	Provinciale Staten hebben de nieuwe kerndoelen Friese taal en cultuur vastgesteld.
Maart – juni 2026	De Provincie onderzoekt onder welke voorwaarden en criteria het mogelijk moet zijn om ontheffing aan te vragen voor de kerndoelen Friese taal en cultuur. Scholen en besturen worden gevraagd hierin mee te denken.
Augustus 2026	De nieuwe kerndoelen Friese taal en cultuur 2026 worden van kracht. Dit markeert de start van de overgangsfase van de oude kerndoelen naar de nieuwe kerndoelen tot augustus 2031.
September 2026	De voorwaarden voor het verkrijgen van ontheffing zijn duidelijk en er wordt gewerkt aan een nieuwe werkwijze voor aanvragen.
Augustus 2031	Einde van de overgangsfase van oude naar nieuwe kerndoelen. Alle scholen hebben de nieuwe kerndoelen Friese taal en cultuur in werking gesteld of hebben hier ontheffing voor.

### Samen verder

Met de nieuwe kerndoelen Friese taal en cultuur wordt een mooie stap gezet in het kwalitatief en integraal versterken van onderwijs in de Friese taal en cultuur. Vanuit Taalplan Frysk 2030 wordt u de komende tijd op verschillende wijzen geïnformeerd over de nieuwe kerndoelen en het schooleigen curriculum Fries. Dit kan via de nieuwsbrief zijn of via de Taalplan Frysk 2030-website.

Om het proces van het in werking stellen van de geactualiseerde kerndoelen Friese taal en cultuur goed te volgen, wordt in opdracht van de provincie onderzoek uitgevoerd door het lectoraat Meertaligheid & Geletterdheid van NHL Stenden. Wij willen u vragen actief aan dit onderzoek mee te werken.

Alle partijen binnen Taalplan Frysk 2030 helpen u graag verder bij het in werking stellen van de nieuwe kerndoelen Friese taal en cultuur, het zetten van stappen richting het schooleigen



curriculum Friese taal en cultuur en adviseren u graag over mogelijke lesmaterialen en ander aanbod. Op de website <https://taalplan.frl> vindt u meer informatie over Taalplan Frysk 2030 en is ook al het aanbod aan lesmaterialen te vinden.

Ook de provinciale subsidieregeling *Frysk foar no en letter* is weer open. Scholen kunnen subsidie aanvragen voor lesmaterialen, culturele uitstapjes, opleiding en nascholing en voor het maken en het in werking stellen van een plan voor het versterken van onderwijs in de Friese taal en cultuur. De subsidieregeling is open tot en met 30 september 2026. Er is in totaal € 1.000.000,- beschikbaar. Meer informatie over de subsidieregeling kunt u vinden op de provinciale website: [www.fryslan.frl/fryskfoarnoenletter](http://www.fryslan.frl/fryskfoarnoenletter).

Scholen die het vak Friese taal en cultuur aanbieden kunnen gebruikmaken van de subsidieregeling *Lesuren Fries*. Voor lesuren Fries vanaf de eerste klas tot en met de examenklas kunnen scholen in het voortgezet onderwijs subsidie krijgen. De subsidieregeling is open van 1 april tot 30 oktober 2026 met een plafond van € 200.000,-. Meer informatie is te vinden op de provinciale website: [www.fryslan.frl/lesuren-fries-in-het-onderwijs](http://www.fryslan.frl/lesuren-fries-in-het-onderwijs).

Heeft u vragen naar aanleiding van deze brief? Mail dan naar [ynfo@taalplan.frl](mailto:ynfo@taalplan.frl). Wij helpen u graag verder.

Mei rju achtinge,

Deputearre Steaten fan Fryslân,

drs. A.A.M. Brok, foarsitter

drs. ing. J.J. Algra, sekretaris